



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike is de famylje foar it Pesachfeest nei Jeruzalem reizge. It soe allegear sa moai wurde, mar alles rûn sa hiel oars as dat se ferwachte hiene.

27. Petrus seit dat er Jezus net ken

Lukas 22, 54-71

Sara en Simon sieten njonken inoar op it muorke.

Sara sei: “Ik fyn der neat mear oan hjir yn Jeruzalem.”

“No’t Jezus oppakt is, is Pesach gjin feest mear”, sei Simon.

Mem kaam der ek by te sitten en sei: “Ik woe wol dat jim heit werom kaam. Hy is al in skoft fuort.”

Pake en Daniël joegen de kamielen te drinken. Gjiniën sei mear wat...

“Sjoch”, rôp Simon ynienen, “dêr komt heit oan!” Hy rûn heit yn ‘e mjitte, sa hurd as er koe. Simon wie bliid dat er heit seach. Mar heit syn gesicht stie drôvich. Simon pakte him by de hân. Tegearre rûnen se nei de oaren ta.

Doe’t heit op it muorke siet, sei er: “Niiskrekt haw ik mei Petrus praat. Hy is dy learling dy’t safolle fan Jezus hâldt ommers. Ik bin skrokken, want hy wie bot yn ‘e war.”

“Dat begryp ik wol”, sei mem. “Jezus wie syn Master.”

“Mar dat net allinne. Harkje, ik sil jim it ferhaal fan Petrus fertelle.”

Petrus wie alhiel fan slach. Hy prate yn himsels en fûtere: “Net te leauwen... Soks kin men dochs net talitte?”

Hy besaude him oer Jezus. Hoe koe Jezus Himsels no samar meislepe litte? Jezus wie dochs net ien of oare rôver? Woene se Him fêstsette?

Nee, dat net! Se rûnen mei Jezus de kant út fan it hûs fan de hegepryster.

Petrus bleau stean... Wat soe er dwaan? Fuortrinne? Nee, dat wie better fan net! Faaks wie Jezus him aanst noch nedich. It koe hast net oars as Jezus soe de minsken aanst

sjen litte wa't Er werklik is. Hy soe de soldaten fan Him ôfslaan. En dêr woe Petrus bywêze!

Petrus rûn efter de oaren oan de binnentún yn. Dêr waard in grut fjoer makke, sadat se der allegear omhinne sitte koene. Petrus gie tusken harren yn sitten. It fjoer knettere. Sa no en dan sprongen der fonken de loft yn.

Foar Petrus oer siet in jonge frou. Se wurke yn it hûs fan de hegepryster. Doe't se Petrus sitten seach, skrok se en rôp: "Dy man wie ek by Jezus!"

Allegear seagen se nei Petrus. Wylst er stean gie sei er koartôf: "Ik ken Him net iens!" It wie mar better dat er net mear tichteby it fjoer siet. Oars koene se him te goed sjen yn it ljocht. Dêrom makke er dat er fuortkaam. "Wachtsje mar," fûtere er yn himsels, "myn kâns komt noch wol."

Wylst er fuortrûn tikke immen him op 't skouder en frege: "Bisto ek ien fan Him?"

Petrus skodde de man fan him ôf, draaide him om en blaasde: "Hoe komme jo derby!" Hy hearde dat der efter syn rêch om flústere waard.

In skoftke letter kamen der in pear manlju op him tasetten. De iene sei: "It mist my net, mar dizze keardel wie ek by Him."

"Man, ik wit net iens wêr't jo it oer ha", rôp Petrus lilik.

Wylst er dat sei, kraaide der in hoanne...

Doe seach Petrus dat Jezus Him omdraaide en him oanseach. It waard stil... Hiel stil!

Hy wist wer presys wat Jezus tsjin him sein hie: "Foardat de hoanne kraait, hasto al trije kear sein datst my net kenst."

Petrus sloech de hannen foar de eagen. Hy trille as in blêd oan 'e beam. Mei knikkende knibbels rûn er nei bûten ta. It wie tsjuster.

Hy skriemde...